

# In poete yn 'e pûde: 'misstaveringen' yn Fryske wurdboeken

Frits van der Kuip

In moderne fryske dichter sit ferlegen om in knap wurd foar wat yn syn hollânske leksikon as 'huwelijksmakelaar' of 'koppelaar' te boek stiet. Up to date as er is, hat er him in jiermannich ferlyn it *Frysk Wurdboek*, Frysk-Nederlânsk (1984) en Nederlânsk-Frysk (1985) oantúgd. Nei wat blêdzjen falt syn each op trije mooglikheden: *keppelder*, *pûdsjeplakker* en *tuskenman*. Omdat yn syn fers de *tuskenman* in frou is en omdat er *keppelder* tefolle lykje fynt op it Nederlânsk en hy boppedat in esteet is, kiest er foar de *pûdsjeplakker*. It gedicht wurdt in grut sukses, it wurdt yn fjirtjin talen - dêrûnder net allinne minderheidstalen - oerset, elke aktelearder kin it út 'e holle en it wurd *pûdsjeplakker* is net wei te tinken út it standertrepertoire fan taalpuristen.

Oant safier de science fiction. Lit ús ús beheine ta de feiten. It wurd *pûdsjeplakker* yn de betsjutting fan 'keppelder' is tige seldsum. Njonken wurdboeksitaten komt it yn it Frysk, alteast it Frysk yn 'e kartoteken fan it *WFT*, ien kear yn 'e 19e ieu foar. Op it punt fan stavering moat men foar de 19e ieu foarsichtich wêze mei it lûken fan konklúzjes. In noarmearre stavering bestie noch net, elkenien stavere by wize fan sprekken yn syn eigen systeem of systemen. As men dat en it feit dat it hjir winliken om ien fynplak giet, betinkt, kin men jin ôffreegje oft hjir eins wol 'pûdsjes plakt' wurde.

*Fr.W.* (1984) jout trije betsjuttings: 'zakjesplakker', 'koppelaar, huwelijksmakelaar' en 'druiloor' en seit ymplisyt dat wy te krijen hawwe mei twa figuerlike útwreidingen fan 'e letterlike betsjutting. By dy letterlike betsjutting giet it om ien dy't pûdsjes plakt. Dat waard yn it ferline in soad dien yn finzenissen by wize fan beuzichheidsterapy. Dêrfandinne de tredde betsjutting: 'grutte suffert'. Hoe't de twadde betsjutting yn dat wurdboek bedarre is, lit him frij maklik ferklearje. Sawol *Fr.W.* (1956) as *Fr.W.* (1903) jouwe alle trije betsjuttings. Yn *Fr.W.* (1903) stiet by de twadde betsjutting eksplisyt 'fig.' en wurdt as boarne in sitaat út H. Sîstra, *Teltsjes en rîmkes* (1867), s. 41 jûn: 'Kupidoatsje, dat is sa'n earste pûdsjeplakker'. Dat Cupido minskeherten oaninoar kliemt troch der in pylkje trochhinne te sjitten, is myn probleem net. Mar wêr't ik my al de kop oer staf prakkesearre ha, binne dy *pûdsjes*. Hoewol't fereale minsken fakentiids wat loen oer komme, giet it my te fier en ferlykje se mei pûden of sekken. Men moat al in hiel negative kyk op it houlik of hokker oare

gearlibbingsfoarm dan ek hawwe om te ûnderstellen dat it grutte kloaten binne dy't fan 'e leafde genietsje wolle.

In mins, dus ek in wurdboekskriuwer, kin him wolris fersinne. Understel noris dat datjinge wat hjir opfierd wurdt as in diminutyf fan *pûde* (ûtsprutsen as [putsj@]) it diminutyf fan *poete* is (ek útsprutsen as [putsj@]).

*Poete*, en ek wol *poetsje*, wurdt yn it Frysk brûkt as flaa- en ropwurd foar de húskat. It is synonym oan *poeke* en *poes*. It is mooglik dat *poete* ûntstien is út *poeke*. Neffens Sytstra & Hof (1925: 58) besteane der inkelde gefallen dêr't in *k* oergiet nei in *t* of oarsom (bg. *rytlik/ryklik, fyklfyt, latllak*). It soe hjir lykwols ek gean kinne om de besibbe foarm fan it Nederlânske *poet*. Dêr kom ik aansens op. Ut de kartoteken fan it *WFT* kin men ôfliede dat *poete* foaral yn 'e 19e ieu foarkomt. *Fr.W.* (1903) jout noch ûnder it lemma *poetsje* de betsjutting 'poeske'. De lettere wurdboeken jouwe *poete* of *poetsje* yn dy betsjutting hielendal net mear. Dat it dêrmei net mear yn libben gebrûk wêze soe, twifelje ik oan. Ik brûk it nammentlik sels om ús kat yn te roppen. En neffens in opjefte fan P. Duijff fan Rinsumageast út 1992 komt it ek as ropwurd foar mei in *d*: *poede*. Fierders hawwe wy yn it Frysk de siswize *Dat is poetsje it each út*: 'Pibomm' seach noartich, in Saskemol wier prot. Dominy roekte gou, dat wier poetje it each uet' (J.H. Halbertsma, *De Lapekoer fen Gabe Skroor*, 1829: 262). It wurdboek fan 1903 jout de siswize twarisom, mei *poetsje* en tusken heakjes *poeske* ûnder it lemma *poetsje* en mei *katsje* en tusken heakjes *poeske* ûnder it lemma *katsje*. It wurdboek fan 1956 jout de siswize allinne mei *poeske* ûnder it lemma *poeske*. It wurdboek fan 1984 jout him wer twarisom, mei *poetsje* ûnder it lemma *poetsje* en mei *poeske* ûnder it lemma *poes*. Neffens de *WFT*-kartoteek komt de siswize mei *poeske* foar it earst foar yn W. Dykstra, *De frymitseler fen Jinsenbûrren* (1870), s. 110. Yn 1947 brûkt J.J. Hof noch in fariant mei *poeke*: 'Dat wie poeke it each út. Hy fûtere' (*It Heitelân*, 1947: 32).

Yn âlder Nederlânsk komt de siswize ek foar. It *WNT* (XII, ii, 2984) jout him ûnder it lemma *poes* as *Dat is (of zoo raakt) puisje het oog uit* mei deselde betsjutting as yn it Frysk: 'Nu is het heelemaal verbruid, nu is het mis, nu word ik (of wordt iemand anders) boos'. Harrebomée (1861: 144) ferklearret de siswize sa: 'Het spreekwoord is genomen van eene kat, die het oog door een hond is uitgebeten, of door een andere kat is uitgekrabd. De toestand, waarin zich deze dan bevindt, grenst aan razernij. Strecken de handelingen van iemand daarheen, om een ander zeer boos te maken, dan zegt men: zoo raakt poesje het oog uit'.

Yn it Nederlânsk komt de siswize net foar mei *poetje*, it diminutyf fan *poet*. It *WNT* (XII, ii, 3000-3002) seit oer *poet*: 'Eigenlijk weeke, pappige mas-

sa (het Friesch kent *poet* in den zin van meelpap, brij)<sup>1</sup>, en vandaar voor iets of iemand die kwabbig dik of mollig en rond is'. Dan folgje gâns betsjuttings-skiften dêr't guon fan oernommen binne yn *Van Dale*, te witten:

- a. 'jong, leaf famke'; 'skat', 'pop', 'leave';
- b. 'hoer';
- c. flaai- of ropwurd foar 'kealtsje', 'fôltsje' of 'poeske' (de lêste net yn *Van Dale*).

Betsjutting a. en c. komme neffens it *WNT* allinne as diminutyf foar. Yn *Van Dale* stiet by betsjutting a. dat dy ferâldere en gewestlik is, by b. dat it om bargedútsk giet en by c. dat it beheind is ta in pear gewesten. Neffens it *WNT* hâldt dat gewestlike foar betsjutting c. yn dat 'kealtsje' en 'fôltsje' Flaamsk binne en 'poeske' Grinslânsk. Ofgeande op de sitaten yn it *WNT* wie yn earder Nederlânsk, benammen yn 'e 19e ieu, *poetje* as flaaiwurd foar bern en jongfammen frij gebrûklik.

It liket my dan ek net ûnoannimlik ta dat H. Sytstra dat wurd yn dy betsjutting foar eagen hân hat doe't er *pûdsjeplakker* skreau en yn it Frysk yntrodusearre en 'oaninoarplakker fan lju dy't inoar leave skat neame (wolle)' bedoelde. As dat sa is, dan kin men de *pûdsjeplakker* yn dy betsjutting tenei better skriuwe as *poetsjeplakker*, mei <oe> neffens de regel dat as in [u]-lûd yn it Nederlânsk yn in beskaat wurd mei <oe> skreaun wurdt, wy dat yn it Frysk yn it besibbe wurd ek dogge (Boersma, 1976: 23; Dijkstra, 1992: 34).

Stipe foar de skriuwwize *poetsje* kin men ek noch fine yn in wurd dat de (hân)wurdboeken oant no ta net helle hat. Halbertsma (a. 1869: 530) tekenet it oan foar Warkum en Makkum: 'Puwtjele (poetjelé) witte capel'. Yn it argyf fan 'e fakgroep Leksikografy (Fryske Akademy) ha ik in briefke fûn fan J.H. Kingma, Makkumer fan komôf, dy't yn 1927 skriuwt: 'Pûdsjelée, zynde een Friesch woord dat te Makkum wierd gebruikt. Het beteekende den naam van een witte kapel = vlindertje. Meisjes in het wit gekleed noemde men ook Pûdsjelées ... In een vlinderhuisje op de kermis te koop, verzamelde men Pûdsjelées. We liepen als kinderen de vlinders na, zingende: Pûdsjelée, zit zit zit om ze te vangen'. Y. Poortinga nimt dit op in systeemkaartsje foar de *WFT*-kartoteek oer. Hy twiselet blykber oan de *d*, alteast hy skriuwt '*pû(d)tsjelé*' en set in fraachteken boppe de *d*. Letter is de kartoteek mei de skreaune kaartsjes op 'e souder fan de Fryske Akademy bedarre en ferfongen troch ien mei (oer)typte kaartsjes, dat as

<sup>1</sup> *Fr. W.* (1903) jout yndie *poet* yn dizze betsjutting, mei de beheining dat it allinne yn Toppenhuzen foarkomt. Neffens opjeften (yn *WFT*-kartoteek) fan Y. Poortinga (ca. 1950) en D.A. Tamminga (1974) bestiet it wurd dêr noch, mar dan al yn 'e brutsen foarm *puot*. S. Krol jout *puot* yn 1980 ek noch op foar Easterein.

útgongspunt brûkt wurdt foar it redigearjen fan *WFT*-lemma's. Yn dy kartoteek sit in kaartsje mei sûnder mear *pûdtsjelé*. Dochs twivelet Poortinga mei rjocht oan de *d*. It wurdt lit him frij maklik ferklearje as in by flaiwurden net ûngebrûklike yntinsivearring fan in kearnwurd (ferlykje *Janke leave*, *Grytsje-lea*), yn dit gefal *poetsje*, mei de betsjutting 'lea, leave', en *lea*.

Dit ge-oe-û bringt my by einbeslút op de betsjutting 'grapmakker, biisfeint' dy't de wurdboeken fan 1956 en 1984 ûnder mear takenne oan it diminutyf fan *pûde*. It komt neffens de *WFT*-kartoteek foar it earst yn 1891 foar: 'It hong my de kiel út! Domenij is in pûdtsje moast witte, en dy fornaem wol, hwet der yn my omgyng, mar om my divelsk to krijen, priisge er it gûd nammens to mear' (T.E. Halbertsma, *For hûs en hiem*, 1891: 204). No fine wy fansels sa'n pleager in grutte sek bytiden, mar neffens my hat er neat mei pûden út te stean. Omdat *pûdsje* allinne yn diminutyf foarkomt (sprek út: [putsj@]) sil hjir grif in soartgelikense betizing spile hawwe as by *poetsjeplakker*. Understel dat it hjir giet om it diminutyf fan *poets*. It *WNT* (XII, ii, 3008) jout *poets* op foar it Brabânske part fan Flaanderen. It is in nominalisaasje fan it tiidwurd *poetsen* (Frysk *poise*, *poetse*, Dútsk *putschen*) mei as grûnbetsjutting 'slaan, stjitte, botse'. Yn Flaanderen is in *poets* in 'plager, snaak, iemand die allerhand kattedwaad doet, die niemand met rust kan laten'. Sjedêr, de yngreven Fryske biisfeint.

Oft men mei it oantugen fan de wurdboeken fan 1984 en 1985 no foar de gek hâlden is en in kat (*poete*) yn 'e sek (*pûde*) kocht hat, lit ik fierders oan 'e lêzers oer.

## Literatuer

- Boersma, J. (1976) *De Fryske stavering*. Ljouwert.  
*Van Dale = Van Dale. Groot woordenboek der Nederlandse taal*.  
Utrecht/Antwerpen (1992<sup>12</sup>).
- Dijkstra, F.B. (1992) *Stavering*. Ljouwert.  
*Fr. W.* (1903) = *Friesch Woordenboek*. Tweede deel. I-P. Leeuwarden.  
*Fr. W.* (1956) = *Frysk wurdboek*. Ljouwert.  
*Fr. W.* (1984) = *Frysk wurdboek*. Frysk-Nederlânsk. Ljouwert.  
*Fr. W.* (1985) = *Frysk wurdboek*. Nederlânsk-Frysk. Ljouwert.
- Halbertsma, J.H. (a. 1869) *Lexicon Frisicum A*. Hânskrift P.B. Ljouwert.
- Harrebomée, P.J., *Spreekwoordenboek der Nederlandschen taal*. Tweede deel.  
Gorinchem (1861).
- Sytstra, O.H. en Hof, J.J. (1925) *Nieuwe Friesche spraakkunst*. Leeuwarden.  
*WNT = Woordenboek der Nederlandsche taal*. Twaalfde deel, tweede stuk. 's-  
Gravenhage/Leiden (1949).
- WFT = Wurdboek fan de Fryske taal*. Ljouwert (1984 e.f).